


## Rûteplanner Spoar 8 groep 7 - FRL

De Rûteplanner wiist dy it paad  
troch dyn Fryske lessen!





# Rûte groep 7

oersjoch fan lesmominten en ûnderdielen

lesmomint	type	titel/ynhâld	(haad)doelen*
1	Taalaktiviteit	Mei wa praat ik? - In drama-spueltsje mei telefoanpetearen	Harkjen A1/A2 Yn petear A1/A2
2	GRIP	BasisFrisia - wurdskattoets	
3	Staving en Skriuwen	ij en Meunstertún	
4	Boekles	Dingeman krijt wjukken - ideeën yn de lesbrief	Harkjen A1/A2 Lêzen A1/B1 Yn petear A1/A2
5, 6, 7, 8	Projekt	Opfalle mei rym - De learlingen meitsje in Fryske rap. Mei yndividuele opdrachten.	Sprekken A2/B1 Skriuwen A2/ B1
9	Staving en Skriuwen	oa en Meunstertún	
10	Taalaktiviteit	Kom yn beweging - De learlingen nimme in fideo op om minsken yn beweging te krijen.	Yn petear A2 Sprekken A2
11, 12, 13, 14	Projekt en observaasje	Wêr silsto op traktearje? - De learlingen skriuwe in resept foar in sûne traktaasje en presintearje dat. Mei yndividuele opdrachten. - It observaasjeinstrumint 'Skriftlike ynstruksje' kin ynset wurde.	Yn petear A2 Sprekken A2 Skriuwen A2
15	Staving en Skriuwen	oe en Meunstertún	

lesmomint	type	titel/ynhâld	(haad)doelen*
16	Boekles	Silke en miss Dee - ideeën yn de lesbrief	Harkjen A1/A2 Lêzen A1/A2 Yn petear A1/A2
17, 18, 19, 20	Projekt	Hûs te keap - De learlingen meitsje in advertinsje foar harren eigen hûs. Mei yndividuele opdrachten.	Skriuwen A2
21	Stavering en Skriuwen	ie en Meunstertún	
22	Taalaktiviteit	Reis troch de romte - De learlingen leare oer de romte en meitsje in skoatboek oer in sels keazen romte-ûnderwerp	Lêzen A2 Skriuwen A2
23, 24, 25, 26	Projekt	By pake en beppe op skoalle - De learlingen hâlde in ynterview mei pake en beppe oer harren skoaltiid. Mei yndividuele opdrachten.	Skriuwen A2/B1 Yn petear A2/B1
27	Stavering en Skriuwen	ea en Meunstertún	
28	Taalaktiviteit	Us skoalreiske - De learlingen meitsje in programma foar in skoalreisdei.	Yn petear A2 Sprekken A2
29	Grip	Lêsbegryp - toets	
30	Stavering en Skriuwen	hj en Meunstertún	

-  Taalaktiviteit
-  Projekt
-  Lêsaktiviteit: Boekpromoasje
-  Stavering en skriuwen
-  Evaluaasjemomint

Oan 'e ein fan it skoaljier (maaie-juny) kinne learlingen fan groep 7 meidwaan oan it Lyts Frysk Diktee. Hâld dêrfoar de nijsberjochten yn 'e gaten.

\* Oan dizze taaldomeinen en nivo's wurdt meinammen wurke. De doelen en nivo's kinne per groep en sels per learling ferskille. Tips hjirfoar wurde jûn yn de hantliedingen by de ûnderdielen. Om't taal altyd oer mear giet as de taal, wurdt ek wurke oan doelen foar oare fakgebieten.



## Taalaktiviteiten

# 1 Mei wa praat ik?

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen oefenje mei it fieren fan in telefoanpetear oan de hân fan drama-spullen.

### Tiidpaad

50 minuten.

### Doelen

Mei dizze Taalaktiviteit wurdt wurke oan de folgjende doelen:

- De learlingen kinne út telefoanpetearkes ôfliede mei wa't de learkrêft oan it beljen is. (Harkjen/A1/Kin nammen, getallen en bekende wurden ferstean, Harkjen/A2/Kin begripe wê't Friezen dy't mei-inoar prate it oer hawwe.)
- De learlingen betinke in situaasje wêryn't se ien belje moatte om wat te freegjen en spylje dat telefoanpetear nei. (Yn petear/A1/Kin ynformaasje freegje of jaan, Yn petear/A2/Kin ien deisizze, ôfskie nimme en betankje, Yn petear/A2/Kin mei kunde en frjemden in praatsje begjinne, Yn petear/A2/Kin in plan of idee foarlizze en beprate en ôfspraken meitsje).

### Tarieding

- Betink op watfoar nivo jim oan 'e slach geane mei dizze taalaktiviteit. Sjoch by beskriuwing en differinsjaasje foar de ferskillende nivo's en doelen dêr't oan wurke wurdt.
- Besjoch de helpblêden dy't nedich binne foar de yntroduksje. Foar nivo \*: 'Riedspulstje: mei wa praat ik?'. Betink eventueel oare telefoanpetearkes, mar soargje der dêrby hieltyd foar dat der belle wurdt mei in fraach. Foar nivo \*\* en \*\*\*: 'Ynspringspulstje: wa ha ik oan 'e telefoon?'. Printsje foar it ynspringspulstje de helpkaart út en knip de kaartsjes alfêst los. Knip fan sawol bylage 1 (persoanen) as bylage 2 (de reden om te beljen) safolle kaartsjes as der learlingen binne en soargje dat dy kaartsjes by elkoar hearre.
- De helpblêden binne te finen ûnder it kopke 'materialen' by dizze Taalaktiviteit.
- De learlingen sille yn twatallen wurkje. Tink alfêst nei oer de gearstalling fan de twatallen. Tink dêrby ek oan thústaal en taalnivo.
- Tink nei oer de opdracht: binne de learlingen hielendal frij yn it kiezen fan in ûnderwerp foar harren telefoanpetear? Of wurdt der in opdracht mei-jûn oan de twatallen?
- Soargje foar telefoans dy't de learlingen brûke kinne by de opdracht. Dat kinne echte of boartersguod telefoans wêze, mar bygelyks in blok út de bouhoeke kin ek prima tsjinst dwaan as telefoon.

### Beskriuwing

1. Yntroduksje fan it ûnderwerp.  
Splyje it pulstje ta yntroduksje fan de opdracht.

Nivo \*: De learkrêft spilet in telefoanpetear nei. De learlingen hearre allinne wat de learkrêft seit en moatte riede wa't de learkrêft oan 'e telefoon hat. Suggestjes foar dit riedspultsje steane op it helpblêd 'Riedspultsje: mei wa praat ik?'. Soargje derfoar datst as learkrêft it telefoanpetear altyd netsjes begjinst en ôfslútst en datst dúdlik dyn fraach stelst. Dat moatte de learlingen aanst yn de opdracht ek dwaan.

Nivo \*\* en \*\*\*: Diel de kaartsjes fan helpblêd 'Ynspringspultsje: wa ha ik oan 'e telefoon?' út. Jou alle learlingen twa kaartsjes: ien fan bylage 1 (persoanen) en 1 fan bylage 2 (de reden om te beljen). Soargje derfoar dat de twa kaartsjes net byelkoar hearre. (Dus de persoan 'mem fan Jitse' moat net it kaartsje 'Do bellest de mem fan Jitse om te freegjen oft Jitse alwer better is' krije.) Spylje it spul sa: Ien learling begjint mei it opnimmen fan de telefoon. Bygelyks: 'Goeiemoarn, it is mei de mem fan Jitse.' Alle learlingen sjogge no op harren kaartsje oft sy it kaartsje hawwe dêr't de reden op stiet om de mem fan Jitse te beljen. De learling dy't dat kaartsje hat, pakt de oare telefoon en begjint it praatsje. Wiis de learlingen derop dat sy harren netsjes foarstelle oan 'e telefoon, dat se inoar útprate litte, dat der in antwurd op de fraach komt (sels betinke!) en dat se netsjes ôfslute. As it earste petearke klear is, mei de folgjende learling de telefoon opnimme, bgl: 'Mei de resepsje fan camping 'It fûgeltsje'.' ensafh.

## 2. Utlis fan de aktiviteit.

Fertel de learlingen dat sy sels yn twatallen in telefoanpetear betinke sille. Wiis de learlingen op in oantal easken oan dat petear: iepenje it petear troch dy foar te stellen, stel in dúdlike fraach, betink in antwurd en slút it petear netsjes ôf. De 'Helpkaart – Telefoanpetear' kin helpe. Dy is te finen by dizze Taalaktiviteit. Foar Nivo \* is in koart saaklik petear genôch. Op nivo \*\* moat it telefoanpetear mear ynteraksje hawwe. Lit de learlingen bygelyks meardere fragen en antwurden betinke of trochfreegje op antwurden dy't jûn binne. As jim de opdracht op nivo \*\*\* dogge, moat yn it telefoanpetear dêrneist ek dúdlik in gefoel of miening nei foaren komme. Fansels bliuwe de learlingen netsjes oan 'e telefoon.

## 3. It betinken en oefenjen fan it petear.

De learlingen tinke nei oer de ynhâld fan harren petear. Tusken watfoar persoanen giet it petear? Hoe iepenje se en wat sille se freegje? Krije se harren antwurd fuort of sil it wat muoite kostje om in goed antwurd te krijen? Is it in saaklik petear of komme der ek emoasjes by te sjen? By nivo \* sil it meinammen gean om it brûken fan it Frysk. Hoe stelst dysels foar yn it Frysk, hoe stelst in fraach en joust antwurd en hoe slútst in petear netsjes ôf yn it Frysk. By nivo \*\* is it petear wat langer en leit de klam op it krijen fan de ynformaasje dy'tst ha wolst. Watfoar fragen moattst stelle? By nivo \*\*\* is mear romte foar emoasjes en mieningen yn it petear. Yn watfoar stemming is de persoan dy't bellet? Bliid, fertrietlik, liik, hastich? Hoe reagearje de persoanen op elkoar? Wat fine se fan inoars antwurden? Mar tink derom: it bliuwt netsjes oan de telefoon. Hoe litst dyn emoasjes en miening hearre en bliuwst dochs netsjes? Tink ek om de tiid.

## 4. De learlingen litte harren petear hearre oan de klasse.

It telefoanpetear dat de learlingen betocht hawwe, spylje se no út foar de klasse.

## 5. Besprek de opdracht nei.

Praat nei oer de telefoanpetearen. Hoe wie it om in Frysk telefoanpetear te hâlden? Koene de learlingen de goede wurden fine? Begrepen de persoanen oan 'e telefoon inoar? Is elkenien netsjes bleaun? Soene de learlingen it oandoare om in echt telefoanpetear yn it Frysk te hâlden?

## Differinsjaasje

Yn de beskriuwing binne trije nivo's oanjûn wêrop't wurke wurde kin yn dizze aktiviteit. Hoe mear stjerkes it nivo, hoe mear doelen oft oan wurke wurdt. De doelen fan nivo \* wurde automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. De ekstra doelen fan nivo \*\* en \*\*\* wurde net automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. Om ynsjoch te krijen yn de ûntwikkeling fan de yndividuele learlingen kinne de observaasjeinstruminten brûkt wurde. Sjoch it kopke 'Evaluaasje'.

- Nivo \*: De learlingen betinke in telefoanpetear. Sy stelle harren dêryn netsjes foar, stelle in fraach en krije antwurd en slute it petear netsjes ôf. Sy wurkje oan de doelen dy't boppe dizze taalaktiviteiten steane.
- Nivo \*\*: De learlingen spylje it 'Ynspringspultsje: wa ha ik oan 'e telefoon?' en betinke in telefoanpetear. Se stelle yn harren telefoanpetear meardere fragen of freegje fierder troch op in fraach. It petear is wat kompleks. Der wurdt dan ek wurke oan: Lêzen/A1/Kin koarte ienfâldige opskreaune oanwizingen opfolgje, Harkjen/B1/Kin koarte praatsjes begripe, Sprekken/A2/Kin wat fertelle.
- Nivo \*\*\*: De learlingen litte yn harren telefoanpetear hearre hoe't sy harren fiele en/of wat harren miening ergens oer is. As der op dit nivo wurke wurdt dan wurdt der ek wurke oan: Yn petear/A2/Kin sizze wat hy/sy derfan tinkt, Yn petear/B1/Kin sizze wat hy/sy fielt, Yn petear/B1/Kin op gefoelens fan oaren reagearje, Sprekken/B1/Kin fertelle oer foarfallen en dêrby gefoelens en reaksjes beskriuwe.

Der kin per twatal besjoen wurde op watfoar nivo dizze taalaktiviteit dien wurde kin. Sa is it útdaagjend genôch foar learlingen dy't al better thús binne yn it Frysk en oersichtlik genôch foar learlingen dy't minder thús binne yn it Frysk.

Stimulearje de learlingen om yn it oerlis oer de opdracht Frysk mei-inoar te praten om sa te wurkjen oan de 'yn petear'-doelen. Daagje Frysktalige learlingen út om harren taal fêst te hâlden, ek as sy gearwurkje mei learlingen dy't net Frysktalich binne. Op dy manier helpe sy net-Frysktalige learlingen by it harkjen en ferstean fan it Frysk.

Foar learlingen dêr't de praatdrompel echt noch te heech foar is, kin derfoar keazen wurde om net Frysk te praten. Sy wurkje dan net oan doelen op it mêd fan yn petear gean en sprekken, mar wol oan doelen op it mêd fan harkjen en ferstean fan it Frysk, troch it Frysk fan de oare learlingen.

As learlingen it lestich fine om in ûnderwerp foar in telefoanpetear te betinken, betink dan klassikaal in oantal ûnderwerpen dy't de learlingen brûke kinne. Bygelyks it freegjen fan ynformaasje foar in sprekebeurt, it hâlden fan in telefoanysk ynterview, it meitsjen fan in reservearring foar it iene of oare, ensfh.

De taalaktiviteit kin ek keppele wurde oan doelen foar drama. Yn plak fan de telefoanpetearen hielendal ta te rieden, kin bygelyks mear ymprovisearre wurde. Of lis de klam op it brûken fan goede yntonaasje. Der kin ek foar keazen wurde om de telefoanpetearen minder 'realistysk' te meitsjen. Lit bygelyks fantasyfigueren mei-inoar belje of betink in telefoanpetear wêryn't de beide personaazjes inoar totaal ferkeard begripe.



Om dizze taalaktiviteit noch funksjoneler te meitsjen, kin in ferfolchodracht in echt telefoanpetear wêze. Moat der telefoanysk in bestelling dien wurde of in ôfspraak makke? Lit de learlingen dat dwaan.

### **Evaluaasje**

De observaasje-ynstruminten 'mûnling oerlis – yndividuele learling' en 'mûnling oerlis – de groep' kinne by stap 3 en 4 ynset wurde. Ek ûnderdielen fan it observaasje-ynstrumint 'ynterview' kinne ynset wurde.

De observaasje-ynstruminten binne te finen ûnder it kopke 'evaluaasje' by dizze Taalaktiviteit.

Brûk de observaasje om de ûntjouwing fan de learlingen te folgjen en as feedback nei de learlingen ta. As guon items net yn te folgjen binne, lit dizze dan leech.

## 2 Frisia Basistoets

Hantlieding foar de learkrêft

Mei de Frisiatoetsen krigest grip op de Fryske wurdskat en grammatika. Brûk de toetsen om in yndruk te krijen fan it ynstapnivo én de fuortgong fan de learlingen. Dat kin helpe om it Fryske les oanbod op de learling(en) ôf te stimmen.

### Foar wa?

- De Frisia Basistoets is geskikt foar groep 7-8 yn it basisûnderwiis, vmbo-t en ûnderbou havo/vwo yn it fuortset ûnderwiis.

### Organisaasje

De toets bestiet út 60 fragen en duorret 15-30 minuten. Fan de fjouwer antwurden is der hieltyd ien antwurd goed.

*Let op: lit nei it ôfnimmen fan de toets nét de goede antwurden oan de learlingen sjen. Oars kin de toets net brûkt wurde foar in ferfolchmjitting. Jou dêrom allinnich oan wat it persintaazje goede antwurden is of it referinsjenivo.*

### Evaluaasje

It persintaazje goede antwurden kin omset wurde nei in referinsjenivo út it referinsjeramt Frysk.

0-25% < A1

26-45% A1

46-69% A2

70-89% B1.1 (B1)

90-100% B1.2 (ûnderweis nei B2)

### Referinsjenivo's

< A1 betsjut dat in learling ûnder it A1-nivo sit.

**A1.1** (= A1) betsjut dat in learling yn alle gefallen in pear losse dingen fan it Frysk ken, lykas telwurden, groeten, de dagen fan de wike en sa fierder.

**A1.2** betsjut dat in learling ûnderweis is nei A2.1.

**A2.1** (= A2) betsjut dat in learling koarte teksten oer maklike ûnderwerpen mei frekwinte wurden út de sprektaal begrypt.

**A2.2** betsjut dat in learling ûnderweis is nei B1.1.

**B1.1** (= B1) betsjut dat in learling langere teksten mei faak foarkommende wurden út de skriuwtaal begrypt.

**B1.2** betsjut dat in learling hiel maklik dregere teksten oer skoalleûnderwerpen fan meardere bledsiden begrypt.

**B1+** betsjut dat in learling flot lange en dregere teksten oer alderhanne ûnderwerpen begrypt.

De Frisia Basistoets is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik op 'GRIP' yn it linker menu en kies dan foar Frisiatoetsen - Frisia Basistoets. Klik op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe om de toets klear te setten foar de learlingen.

Stavering en skriuwen

## 3 De letter ij

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letter ij hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

### Regels

De regels dy't by de ij hearre binne:

- As in wurd altyd de ij-klank hat, skriuwe wy de ij mei stipkes.

### Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De letter ij'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

### Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

### Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

### Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

## Sichtber yn 'e klasse

### Wurdlist letter ij

bij	krije
trije	nij
frij	skilderij
snije	nijns
kij	swije

### By it skriuwen fan teksten

#### De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriuw de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrieff nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

#### Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatalen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website [www.frysker.nl](http://www.frysker.nl) hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

Boekles

## 4 Dingeman krijt wjukken

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen lêze út it boek 'Dingeman krijt Wjukken' fan Eppie Dam, prate dêr mei-inoar oer en dogge (in oantal) bypassende aktiviteiten út de lesbrief. De lesbrief is makke troch Lida Dykstra.

### Tiidpaad

- Ofhinklik fan de kar fan de aktiviteiten

### Doelen

- De learlingen ûntdekke de wrâld yn boeken en ha wille by it lêzen en mei-inoar bepraten fan it boek.
- De learlingen kinne (evt. mei help fan de yllustraasjes) it ferhaal begripe (Harkjen A1/A2 - Kin in ienfâldich foarlêzen of ferteld ferhaal begripe / Lêzen A1 - Kin in yndruk krije fan teksten, foaral as dêr fisuele stipe by is).
- De learlingen kinne mei-inoar prate oer it ferhaal (Yn petear A1 - Kin ynformaasje freegje of jaan / Yn petear A2 - Kin sizze wat hy/sy derfan fynt).

### Tarieding

- Soargje foar in eksimplaar fan it boek 'Dingeman krijt Wjukken'. De lêskonsulint fan de biblioteek kin dêr eventueel by helpe, of bestel it boek yn de websjop fan de Afûk.
- Lês sels (dielen út) it boek, sadat de ynhâld bekend is.
- Lês de lesbrief yn de Taalaktiviteit 'Boekles: Dingeman krijt Wjukken' goed troch en meitsje in kar út de aktiviteiten.
- Binne der materialen nedich foar de keazen aktiviteiten? Lis dy dan alfêst klear.

### Beskriuwing

- In beskriuwing fan de opdrachten is te finen yn de lesbrief yn dizze Taalaktiviteit yn Spoar 8.

### Differinsjaasje

- Omgong mei net-Frysktalige learlingen  
De learlingen op A1-nivo meie it Nederlânsk as fiertaal brûke, de learlingen op wei nei A2-nivo besykje Fryske wurden te brûken en learlingen op A2-nivo dogge it yn it Frysk. Stimulearje de net-Frysktalige learlingen om fêste Fryske útdrukkingen ('chunks') te brûken as se it petear net goed folgje kinne. Foarbylden dêrfan binne: kinst dat noch in kear sizze?, ik begryp it net, kinst it noch in kear útlizze of kinst dat ek nochris in kear yn it Nederlânsk sizze?

- **Taalstipe**  
Set drege wurden oer nei it Nederlânsk of lit Frysktalige learlingen dat dwaan. Brûk de yllustraasjes as stipe by de tekst troch dingen oan te wizen.
- **Meartalichheid**  
Freegje learlingen mei in oare thústaal as Frysk of Nederlânsk oft sy faakfoarkommende wurden ek yn harren thústaal kenne. Tink bgl. oan de wurden 'lêze', 'boek', 'ferbean' en 'skriuwe'. Meitsje de wurden sichtber troch se op te skriuwen.

Projekten

## 5, 6, 7 en 8 Opfalle mei rym

Hantlieding foar de learkrêft

Elkenien hat wolris in rap heart. In rap hat wol wat fan in gedicht. It falt op, omdat der in beat ûnder sit. Yn de projekt opdracht skriuwe en oefenje de learlingen harren eigen Fryske rap. Se presintearje dy oan de klasse.

### Doelen

Mei dit Projekt wurdt wurke oan de folgjende doelen.

### Sprekken

- (op wei nei) B1 - Kin fertelle oer foarfallen en dêrby gefoelens en reaksjes beskriuwe
- (op wei nei) B1 - Kin mieningen en reaksjes beskriuwe

### Skriuwen

- (op wei nei) A2 - Kin in ienfâldich ferhaal of gedicht skriuwe
- (op wei nei) B1 - Kin ûnderfiningen en yndrukken beskriuwe

### Tarieding

- Klik troch de Projekt opdracht en de Nivo-opdrachten om dy te ferkennen.
- De learlingen sille in Fryske rap skriuwe en presintearje. Gean sels fan tefoaren alfêst op syk nei raps dy't as foarbyld brûkt wurde kinne om de learlingen te ynspirearjen. Dat hoecht gjin Fryske rap te wêzen (mei wol fansels).
- Tink nei oer hoe't de learlingen oan 'e slach geane. Ferdiel de klasse yn heterogene groepkes fan twa of trije learlingen op basis fan thústaal en taalnivo. Net-Frysktalige learlingen kinne steun hawwe oan de Frysktalige learlingen.
- Tink nei oer it ûnderwerp fan de rap. Is dat hielendal frij? Of giet de rap oer in tema dêr't jim yn de klasse al oan wurkje? Of meitsje de learlingen in rap by in ferhaal (mearke?) of film? In kader kin learlingen helpe om rjochting te jaan oan de opdracht.
- Tink alfêst nei oer de presintaasje. Dogge de learlingen dat 'live' foar de klasse of nimme se harren rap op en wurde de filmkes sjen litten by de útfiering fan it projekt?

### Beskriuwing

1. Iepenje mei de learlingen de 'Utlis' fan de Projekt opdracht.  
Lês dy mei-inoar troch en praat oer poëzy, rym en rap. Wat witte de learlingen dêr al fan? Ha se wolris gedichten lêzen of heard? Wat witte se fan rap? Lykje gedichten en raps opinoar? Wat is itselde, wat is oars? Lit eventueel in foarbyld fan in rap hearre.



2. Wiis de learlingen op it ûnderdiel 'Tarieding' fan de Projektopdracht.  
Dêr fine se tips foar it útfieren fan de opdracht. Besjoch de 'Tarieding' mei de learlingen.  
De learlingen skriuwe harren raptekst yn it Frysk. It wurdboek dat rjochtsboppe yn it menu te finen is, kin helpe by drege wurden.
3. Praat mei de learlingen oer it útfieren fan de opdracht.  
Mei wa sille se de opdracht dwaan? As de learlingen rappe sille oer in fan tefoaren betocht tema, tink dan mei de learlingen nei oer dat tema. Dat kin troch in petear oer dat tema of troch yn groepkes in wurdfjild te meitsjen en dy wurdfjilden mei-inoar te bepraten.  
Bepreat de presintaasje fan de rap. Wurdt it in 'live'-presintaasje foar de klasse of in filmke? Foar in goede presintaasje is it belangryk om goed te oefenjen.
4. Meitsje ôfspraken oer de planning.  
Wannear moat de rap klear wêze? Wannear krije de learlingen tiid om dêroan te wurkjen?
5. Begelied de learlingen as dat nedich is. Tink dêrby oan it betinken en opskriuwen fan de tekst, oan it oefenjen fan de rap op it ritme en oan it eventueel opnimmen fan de rap. Stimulearje de learlingen om yn it Frysk oer te lizzen oer de opdracht. Moedigje Frysktalige learlingen oan om harren taal fêst te hâlden, ek as oare learlingen Nederlânsk prate. Sa helpe Frysktalige learlingen de net-Frysktalige learlingen by it ferstean en praten fan it Frysk.
6. Lit de learlingen de nivo-opdrachten by it projekt meitsje. De nivo-opdrachten binne ferdjipjende (taal)opdrachten by it projekt. Learlingen binne oan 'e slach mei wurdskat oefeningen, teksten en filmkes dy't ynhâldlik passe by dit projekt. Der binne giele opdrachten foar de learlingen dy't minder thús binne yn it Frysk en blauwe opdrachten foar learlingen dy't better thús binne yn it Frysk. Giele en blauwe opdrachten binne basearre op itselde boarnemateriaal en kinne eventueel tagelyk útlein of besprutsen wurde.
7. Presintearje de Projektopdracht  
De learlingen presintearje harren rap.
8. Praat nei de útfiering oer de opdracht. Hoe is it gien? Under 'Utfiering' yn de projektopdracht steane in oantal fragen dy't dêrby helpe kinne.
9. Lit de learlingen de selsevaluaasje ynfolje. De selsevaluaasjes binne te finen by 'Ekstra' yn dit projekt.

### Differinsjaasje

- Lit de learlingen gearwurkje yn heterogene groepkes op basis fan thústaal en taalnivo. Binnen de groepkes kinne taken ferdield wurde. Taken lykas it betinken fan de tekst, it opskriuwen fan de tekst, it passend meitsjen fan de tekst op it ritme en ek it rappen sels sprekke alderhande talinten fan learlingen oan; sawol op talich as op kreatyf flak. Beneam dy ferskillen en stimulearje learlingen om faninoar te learen.
- De learlingen skriuwe de tekst fan de rap yn it Frysk. As jim skoalle noch net hoecht te wurkjen oan skriuwdoelen foar it Frysk, hoecht de klam net te lizzen op Frysk sûnder fouten. In fonetysk Fryske tekst kin ek brûkt wurde foar de rap.
- Is de praatdrompel foar guon learlingen noch te heech? Dan kin derfoar keazen wurde om net alle learlingen Frysk rappe te litten. Dy learlingen wurkje dan net oan doelen op it mêd fan sprekken, mar wol oan doelen op it mêd fan harkjen en ferstean fan it Frysk, troch de raps fan de oare learlingen.

- Mei dit projekt kinst hiel goed wurkje oan sosjaal-emosjonele tema's, lykas gefoelens en talinten fan learlingen. Dit projekt kin ek oanslute by oare tema's dêr't de groep mei dwaande is, sawol fakynhâldlik as maatskiplik.

### **Evaluasje**

Nei de útfiering fan de projektopdracht kinne de learlingen in selsevaluaasje oer de opdracht ynfolje. De selsevaluaasje kin yn it Frysk en yn it Nederlânsk makke wurde. De selsevaluaasjes binne te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt.

De observaasjeinstruminten 'Mûnling oerlis – yndividuele learling', 'Mûnling oerlis – de groep' en 'Mûnlinge presintaasje' kinne brûkt wurde om ûnôfhinklik de taalûntwikkeling op it mêd fan oerlizzen en presintearjen yn kaart te bringen. Dy observaasjeinstruminten binne te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt.

## 9 De letters oa

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letters oa hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

### Regels

De regels dy't by de oa hearre binne:

- By de oa hearst twa klanken: de oo en de a.
- It brutsen oa-lûd klinkt as: wa. Nei de brekking skriuwst twa bylûden.

### Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De lettes oa'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

### Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

### Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

### Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

## Sichtber yn 'e klasse

### Wurdlist letter oa

doar	skoalle
boat	skoarstien
boartsje	woartel
gewoan	hoanne
noard	boartsje

### By it skriuwen fan teksten

#### De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriuw de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

#### Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatalen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website [www.frysker.nl](http://www.frysker.nl) hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

Taalaktiviteiten

## 10 Kom yn beweging

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen meitsje in ynstruksjefilmke om minsken út te daagjen om yn beweging te kommen.

### Tiidpaad

50 minuten. (Tip: yn de gymnastykles kin ek wurke wurde oan de beweech-aktiviteiten) .

### Doelen

Mei dizze Taalaktiviteit wurdt wurke oan de folgjende doelen:

- De learlingen betinke yn in groepke in aktiviteit om in filmke fan te meitsjen (Yn Petear/A2/Kin in plan of idee foarlizze en beprate en ôfspraken meitsje).
- De learlingen lizze de aktiviteit út yn in filmke (Yn Petear/A2/Kin in oar oanwizingen jaan).
- De learlingen presintearje harren aktiviteit yn in filmke (Sprekken/A2/Kin yn it koart beskriuwe hoe't hy/sy wat dwaan moat of hoe't wat wurket).

Oare doelen dêr't mei dizze taalaktiviteit ek oan wurke wurde kin, wurde neamd by 'Differinsjaasje'.

### Tarieding

- Sykje eventueel filmkes op as foarbyld.
- Tink nei oer de gearstalling fan de twa- of trijetallen. Tink dêrby ek oan thústaal en taalnivo.
- Soargje foar apparatuer om de filmkes op te nimmen en ôf te spyljen.

### Beskriuwing

1. Yntroduksje fan it ûnderwerp.

Bewegen is belangryk. It hâldt dyn liif sûn, do krijst der enerzjy fan en beweging soarget der ek foar datst dy better fielst. Dochs bewege minsken hieltyd minder. Se sitte in grut diel fan de dei op skoalle of op it wurk, en as se frij binne, fine se it ek hearlik om op de bank mei in skermke dwaande te wêzen. Mar se ferjitte dat harren liif beweging nedich hat!

2. Utlis fan de opdracht.

De learlingen betinke in (koarte) aktiviteit om oare minsken yn beweging te krijen. Se lizze mei-inoar oer wat dy aktiviteit wêze sil en betinke hoe't se dat yn in filmke sjen litte kinne. Yn it filmke jouwe se ek ynstruksje oer de aktiviteit. By it wurkjen op nivo \* lizze de learlingen (safolle mooglik) yn it Frysk oer en jouwe se yn it filmke in koarte algemiene ynstruksje. By nivo \*\* lizze de learlingen (safolle mooglik) yn it Frysk oer en jouwe se yn it filmke in mear detaillearre ynstruksje, bygelyks mei meardere foarmen fan de aktiviteit.

By nivo \*\*\* dogge de learlingen itselde as by nivo \*\*, mar komt dêr in skriftlike stap-foar-stap-ynstruksje by.

3. De learlingen tinke nei oer in aktiviteit. Se tinke nei oer wat sy yn it filmke sjen litte wolle. Wat is in geskikte aktiviteit om minsken oan it bewegen te krijen? Watfoar aktiviteit is geskikt om in koart filmke fan te meitsjen? Is dêr materiaal foar nedich? Hoe kinne se it bêste de aktiviteit sjen litte? Wat binne de stappen yn de útfiering fan de aktiviteit?
4. De learlingen meitsje in plan.  
De learlingen betinke hoe't se de aktiviteit yn byld bringe sille. Watfoar materialen binne der nedich? Watfoar stappen moatte se útlizze en hoe dogge se dat yn it Frysk? Wa docht wat yn it filmke?
5. De learlingen meitsje it filmke.  
Soargje dat de learlingen in goed plak hawwe dêr't se harren filmke opnimme kinne. Help dêr't it nedich is mei it filmjen en by it Frysk.
6. Lit de learlingen elkoars wurk besjen.  
Besjoch de filmkes mei-inoar. Fier de aktiviteiten ek mei-inoar út. Binne de ynstruksjes dúdlik?
7. Besprek de opdracht nei.  
Praat mei-inoar oer de opdracht. Dizze fragen kinne dêrby helpe: Hoe wie it om in filmke op te nimmen? Wat is belangryk yn in ynstruksjefilmke? Wat ha jim dien om de aktiviteit sa dúdlik mooglik út te lizzen en sjen te litten? Hoe slagge it mei it Frysk? Koene jim de goede wurden fine? Wat fûnen jim fan inoars filmkes? Binne der aktiviteiten by dy't jim noch wol in kear dwaan wolle?

### Differinsjaasje

Yn de beskriuwing binne trije nivo's oanjûn wêrop't wurke wurde kin yn dizze aktiviteit. Wat mear stjerkes it nivo, wat mear doelen oft oan wurke wurdt. De doelen fan nivo \* wurde automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. De ekstra doelen fan nivo \*\* en \*\*\* wurde net automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt.

- Nivo \*: De learlingen betinke mei-inoar in aktiviteit. Se meitsje in filmke wêryn't se de aktiviteit beskriuwe en foardogge. Learlingen wurkje oan de doelen dy't boppe-oan dizze taalaktiviteit oanjûn binne.
- Nivo \*\*: De learlingen betinke mei-inoar in aktiviteit. Se meitsje in filmke wêryn't se de aktiviteit stap foar stap yn detail beskriuwe en foardogge. As der op dit nivo wurke wurdt, dan wurdt der ek noch wurke oan it doel Sprekken/B1/Kin in heldere beskriuwing jaan - kin details taljochtsje, saken útlizze en taljochtsje.
- Nivo \*\*\*: De learlingen betinke mei-inoar in aktiviteit. Se meitsje in filmke wêryn't se de aktiviteit beskriuwe en foardogge, en se skriuwe in stap-foar-stap-ynstruksje foar de aktiviteit. As der op dit nivo wurke wurdt, dan wurdt der mear útwreide wurke oan it doel Skriuwen/A2/Kin in koart stikje skriuwe neffens in fêst stramyn.

Besjoch per groepke op watfoar nivo oft se dizze opdracht dwaan kinne.

Stimulearje de learlingen om yn it oerlis oer de opdracht Frysk mei-inoar te praten, om sa te wurkjen oan de 'yn petear'-doelen. Daagje Frysktalige learlingen út om harren taal fêst te hâlden, ek as sy gearwurkje mei learlingen dy't net Frysktalich binne. Op dy manier helpe sy net-Frysktalige learlingen by it harkjen en ferstean fan it Frysk.

Foar learlingen dêr't de praatdrompel noch te heech foar is, kin derfoar keazen wurde om net Frysk te praten yn it oerlis en de presintaasje fan it filmke. Sy wurkje dan net oan doelen op it mêd fan yn petear gean en sprekken, mar wol oan doelen op it mêd fan harkjen en ferstean fan it Frysk, troch it Frysk fan de oare learlingen.

Slút mei dizze taalaktiviteit oan by oare fakken, lykas gymnastyk en wrâldboargerskip, troch de filmkes te brûken by de gymnastykles, as energizer of troch se te dielen mei oare minsken.

### **Evaluaasje**

It observaasjeinstrumint 'mûnling oerlis' kin by stap 3, 4 en 5 ynset wurde. Meitsje in kar om learlingen yndividueel te observearjen of as groepke (brûk dan it ynstrumint foar it observearjen fan de groep). Brûk it observaasjeinstrumint 'skriftlike ynstruksje' nei stap 5 as der wurke wurdt op nivo \*\*\*. It ynstrumint 'presintaasje' kin ynset wurde by it besjen fan de filmkes. De observaasjeinstruminten binne te finen by 'evaluaasjematerialen'.

Brûk de observaasjes om de ûntjouwings fan de learlingen te folgjen en as feedback nei de learlingen ta. As guon items net yn te folgjen binne, lit dy dan leech.

Projekten

## Wêr silsto op traktearje?

Hantlieding foar de learkrêft

As it feest is, dan meist traktearje. In traktaasje is altyd lekker, mar kin in traktaasje ek sûn wêze? Yn de projektopdracht skriuwe de learlingen in Frysk resept foar in sûne traktaasje. Se presintearje it resept oan de klasse.

### Doelen

Oan ûndersteande doelen wurdt wurke yn de projektopdracht fan dit tema. Dy doelen wurde ek oanfinkt yn it referinsjeramt.

### Yn petear

(op wei nei) A2 - Kin in plan of idee foarlizze en beprate en ôfspraken meitsje  
Sprekken

(op wei nei) A2 - Kin yn it koart beskriuwe hoe't hy/sy wat dwaan of meitsje moat of hoe't wat wurket

### Skriuwen

(op wei nei) A2 - Kin in koart stikje skriuwe neffens in fêst stramyn

### Tarieding

- Klik troch de Projektopdracht en de Nivo-opdrachten om dy te ferkennen.
- De learlingen sille in Frysk resept skriuwe foar in sûne traktaasje en dêr in presintaasje oer jaan. Gean sels fan tefoaren alfêst op ynternet en yn de biblioteek op syk nei ideeën foar sûne traktaasjes om de learlingen ynspirearje te kinnen.
- De learlingen wurkje yn twatallen. Kies foar heterogene twatallen op basis fan thústaal en taalnivo. De net-Frysktalige learlingen hawwe sa steun oan de Frysktalige learlingen.
- Tink alfêst nei oer de presintaasje. Wurdt it in digitale presintaasje op it digiboerd foar de hiele klasse of in rinnende presintaasje? De twatallen meitsje dan it resept op papier en krije in plakje yn de romte. Oare learlingen kinne by de resepten delrinne. De twatallen fertelle oan de learlingen dy't delkomme oer harren resept.

### Beskriuwing

1. Iepenje mei de learlingen de 'Utlis' fan de Projektopdracht. Lês dy mei-inoar troch en praat oer traktaasjes. Watfoar traktaasjes fine de learlingen lekker? Hawwe se wolris in sûne traktaasje krigen of útdield? Hawwe se wolris sels in traktaasje makke?
2. Wiis de learlingen op it ûnderdiel 'Tarieding' fan de Projektopdracht. Dêr fine se tips foar it betinken en skriuwen fan in resept. Besteegje oandacht oan de fêste ûnderdielen fan in resept.
3. Praat mei de learlingen oer it útfieren fan de opdracht.



De learlingen wurkje yn twatallen. It resept wurdt yn it Frysk skreaun. Rjochtsboppe yn byld is in wurdboek te finen dat helpe kin by drege wurden. Fertel de learlingen hoe't de presintaasje gean sil: foar de hiele groep of foar lytse groepkes? Miskien binne der groepkes dy't deselde traktaasje kieze. Is dat slim? Meitsje dêr ôfspraken oer. Fertel se ek dat de presintaasje yn it Frysk is.

4. Begelied de learlingen as dat nedich is.  
Tink dêrby oan it betinken of it sykjen fan in resept, it Frysk skriuwen en it foarmjaan fan de presintaasje. Lit de learlingen de presintaasje ek oefenje. By it sykjen op ynternet kin de 'Helpkaart: Mei-inoar sykje op ynternet' helpe. Dy is te finen by 'Ekstra' yn dit projekt. Stimulearje de learlingen om oer de opdracht oer te lizzen yn it Frysk. As de Frysktalige learlingen harren taal fêsthâlde, kinne se de net-Frysktalige learlingen helpe by it ferstean fan it Frysk en dy stimulearje om te besykjen Frysk te praten.
5. Besprek de planning.  
Wannear moatte it resept en de presintaasje klear wêze en wannear krije de learlingen tiid om dêroan te wurkjen?
6. Lit de learlingen de nivo-opdrachten meitsje by it projekt. De nivo-opdrachten binne ferdjipjende (taal)opdrachten by it projekt. Learlingen binne oan 'e slach mei wurdskatoefeningen, teksten en filmkes dy't ynhâldlik passe by dit projekt. Der binne giele opdrachten foar de learlingen dy't minder thús binne yn it Frysk en blauwe opdrachten foar learlingen dy't better thús binne yn it Frysk. Giele en blauwe opdrachten binne basearre op itselde boarnemateriaal en kinne eventueel tagelyk útlein of besprutsen wurde.
7. Presintearje de resepten.  
Fertel hoe't de útfiering derútsjen sil en wa't wannear oan 'e beurt is om it resept te presintearjen. Lit de learlingen nei inoar lústerje en eventueel fragen stelle. Jou de learlingen dy't net Frysktalich binne it fertrouwen om dochs te besykjen yn it Frysk te fertellen.
8. Praat nei de útfiering oer de opdracht.  
Hoe is it gien? Under 'Utfiering' yn de Projektopdracht steane in oantal fragen dy't dêrby helpe kinne.
9. Lit de learlingen de selsevaluaasje ynfolje. De selsevaluaasjes binne te finen by 'Ekstra' yn dit projekt. Der is in Fryske en in Nederlânske ferzje fan de selsevaluaasje. De learlingen kinne kieze hokker ferzje oft se ynfolje.

### Differinsjaasje

- Foar learlingen dy't minder thús binne yn it Frysk kin it handich wêze om yn de klasse in oantal wurden dy't mei traktaasjes en resepten te meitsjen hawwe, wat ekstra oandacht te jaan. Dat kin bygelyks troch wurdkaarten op te hingjen of in wurdweb te meitsjen.
- Foar learlingen dêr't de praatdrompel noch te heech foar is, kin derfoar keazen wurde om net yn it Frysk te presintearjen. Dy learlingen wurkje dan net oan doelen op it mêd fan sprekken, mar wol oan taaldoelen op it mêd fan harkjen en ferstean, as sy lústerje nei de oare learlingen dy't fertelle oer harren resept.
- In passend ferfolch op dit projekt is fansels it meitsjen fan de traktaasjes. Lit de learlingen harren eigen traktaasje meitsje of lit se de traktaasje fan in oar twatal meitsje, en oefenje sa fuort it Frysk lêzen. De resepten fan de twatallen kinne ek bondele wurde yn in eigen resepteboekje fan de groep.

## **Evaluasje**

Nei de útfiering fan de projektopdracht kinne de learlingen in selsevaluaasje oer de opdracht ynfolje. De selsevaluaasje kin yn it Frysk en yn it Nederlânsk makke wurde. De selsevaluaasjes binne te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt.

It observaasjeinstrumint 'Skriftlike ynstruksje' kin brûkt wurde om ûnôfhinklik de taalûntwikkeling op it mêd fan it skriuwen fan in ynstruktive tekst yn kaart te bringen. Dat observaasjeinstrumint is te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt.

Stavering en skriuwen

## De letters oe

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letters oe hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

### Regels

De regels dy't by de oa hearre binne:

- By de oe hearst twa klanken: de oe en de u.
- It brutsen oe-lûd klinkt as: uo. Nei de brekking skriuwst twa bylûden.

### Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De lettes oa'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

### Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

### Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

### Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

## Sichtber yn 'e klasse

### Wurdlist letter oe

boer	buorkerij
toer	tuorren
koer	kuorbalje
foet	fuotten
broer	bruorren

## By it skriuwen fan teksten

### De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriuw de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

### Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatalen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website [www.frysker.nl](http://www.frysker.nl) hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

Boekles

## Silke en miss Dee

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen lêze út it boek 'Silke en miss Dee' fan Baukje Wytsma, prate dêr mei-inoar oer en dogge (in oantal) bypassende aktiviteiten út de lesbrief. De lesbrief is makke troch Lida Dykstra.

### Tiidpaad

- Ofhinklik fan de kar fan de aktiviteiten

### Doelen

- De learlingen ûntdekke de wrâld yn boeken en ha wille by it lêzen en mei-inoar bepraten fan it boek.
- De learlingen kinne (evt. mei help fan de yllustraasjes) it ferhaal begripe (Harkjen A1/A2 - Kin in ienfâldich foarlêzen of ferteld ferhaal begripe / Lêzen A1 - Kin in yndruk krije fan teksten, foaral as dêr fisuele stipe by is).
- De learlingen kinne mei-inoar prate oer it ferhaal (Yn petear A1 - Kin ynformaasje freegje of jaan / Yn petear A2 - Kin sizze wat hy/sy derfan fynt).

### Tarieding

- Soargje foar in eksimplaar fan it boek 'Silke en miss Dee'. De lêskonsulint fan de biblio- teek kin dêr eventueel by helpe, of bestel it boek yn de websjop fan de Afûk.
- Lês sels (dielen út) it boek, sadat de ynhâld bekend is.
- Lês de lesbrief yn de Taalaktiviteit 'Boekles: Silke en miss Dee' goed troch en meitsje in kar út de aktiviteiten.
- Binne der materialen nedich foar de keazen aktiviteiten? Lis dy dan alfêst klear.

### Beskriuwing

- In beskriuwing fan de opdrachten is te finen yn de lesbrief yn dizze Taalaktiviteit yn Spoar 8.

### Differinsjaasje

- Omgong mei net-Frysktalige learlingen  
De learlingen op A1-nivo meie it Nederlânsk as fiertaal brûke, de learlingen op wei nei A2-nivo besykje Fryske wurden te brûken en learlingen op A2-nivo dogge it yn it Frysk. Stimulearje de net-Frysktalige learlingen om fêste Fryske útdrukkingen ('chunks') te brûken as se it petear net goed folgje kinne. Foarbylden dêrfan binne: kinst dat noch in kear sizze?, ik begryp it net, kinst it noch in kear útlizze of kinst dat ek nochris in kear yn it Nederlânsk sizze?

- **Taalstipe**  
Set drege wurden oer nei it Nederlânsk of lit Frysktalige learlingen dat dwaan. Brûk de yllustraasjes as stipe by de tekst troch dingen oan te wizen.
- **Meartalichheid**  
Freegje learlingen mei in oare thústaal as Frysk of Nederlânsk oft sy faakfoarkommende wurden ek yn harren thústaal kenne. Tink bgl. oan de wurden 'lêze', 'boek', 'ferbean' en 'skriuwe'. Meitsje de wurden sichtber troch se op te skriuwen.

Projekten

## Hûs te keap

Hantlieding foar de learkrêft

Minsken wenje yn alderhande soarten huzen. As se harren hûs ferkeapje wolle, kinne se dêrby help krije fan in makeler. Dy makket ûnder oaren in moaie advertinsje foar it hûs. Yn de projektopdracht sille de learlingen sa'n advertinsje meitsje foar harren eigen hûs. Se presintearje dy advertinsje op in 'huzemerk'.

### Doelen

Oan ûndersteande doelen wurdt wurke yn de projektopdracht fan dit tema. Dy doelen wurde ek oanfinkt yn it referinsjeramt.

### Skriuwen

(op wei nei) A2 - Kin in koart stikje skriuwe neffens in fêst stramyn

(op wei nei) A2 - Kin in standertformulier ynfolje

### Tarieding

- Klik troch de Projektopdracht en de Nivo-opdrachten om dy te ferkennen.
- De learlingen sille in advertinsje skriuwe om harren eigen hûs te ferkeapjen. Gean sels fan tefoaren alfêst op syk nei advertinsjes fan huzen om te sjen hoe't sa'n advertinsje derútsjocht. Sykje in foarbyld of brûk it foarbyld dat te finen is by 'Ekstra' yn dit projekt.
- Tink nei oer hoe't de learlingen oan 'e slach geane. Wurkje se yndividueel of yn groepkes? Kies by it wurkjen yn groepkes foar heterogene groepkes op basis fan thústaal en taalnivo. De net-Frysktalige learlingen hawwe sa steun oan de Frysktalige learlingen.
- De projektopdracht wurdt ôfsluten mei in 'huzemerk'. Tink alfêst nei oer hoe't dat derútsjen kin. Wurdt it in digitale presintaasje op it digiboerd foar de hiele klasse? De learlingen kinne dan mei harren presintaasje noch wat ekstra reklame meitsje foar harren hûs. Of wurdt it in rinnende presintaasje? De advertinsjes hingje dan yn 'e romte en de learlingen kinne by de advertinsjes delrinne en dy fan inoar besjen en lêze.

### Beskriuwing

1. Iepenje mei de learlingen de 'Utlis' fan de Projektopdracht.  
Lês dy mei-inoar troch en praat oer huzen. Binne de learlingen wolris ferhuze? Wat witte se fan it ferkeapjen fan in hûs? Ha se wolris in advertinsje foar in hûs sjoen? Wat stiet der yn sa'n advertinsje?
2. Wiis de learlingen op it ûnderdiel 'Tarieding' fan de Projektopdracht.  
Dêr fine se tips foar it betinken en skriuwen fan in advertinsje foar harren eigen hûs. Besteegje oandacht oan de fêste ûnderdielen yn sa'n advertinsje. Lit eventueel in foarbyld sjen.

3. Praat mei de learlingen oer it útfieren fan de opdracht.  
Wurkje de learlingen yndividueel of yn groepkes? De advertinsje wurdt yn it Frysk skreaun. Rjochtsboppe yn byld is in wurdboek te finen dat helpe kin by drege wurden. Fertel de learlingen hoe't de ôfsluting gean sil: wurdt it in presintaasje foar de hiele groep of in rinnende presintaasje? Moatte de learlingen yn it Frysk wat fertelle oer harren advertinsje?
4. Begelied de learlingen as dat nedich is.  
Tink dêrby oan help by it betinken fan de ynhâld fan de advertinsje, it foarmjaan fan de advertinsje en it Frysk skriuwen. Wurkje de learlingen yn groepkes? Stimulearje de learlingen dan om oer de opdracht oer te lizzen yn it Frysk. As de Frysktalige learlingen harren taal fêsthâlde, kinne se de net-Frysktalige learlingen helpe by it ferstean fan it Frysk en stimulearje om te besykjen Frysk te praten.
5. Besprek de planning.  
Wannear moat de advertinsje klear wêze en wannear krije de learlingen tiid om dêroan te wurkjen?
6. Lit de learlingen de nivo-opdrachten meitsje by it projekt.  
De nivo-opdrachten binne ferdjipjende (taal)opdrachten by it projekt. Learlingen binne oan 'e slach mei wurdskat oefeningen, teksten en filmkes dy't ynhâldlik passe by dit projekt. Der binne giele opdrachten foar de learlingen dy't minder thús binne yn it Frysk en blauwe opdrachten foar learlingen dy't better thús binne yn it Frysk. Giele en blauwe opdrachten binne basearre op itselde boarnemateriaal en kinne eventueel tagelyk útlein of besprutsen wurde.
7. Slút it projekt ôf mei de huzemerk.  
Lit de learlingen inoars advertinsjes besjen en lit se eventueel wat oer harren advertinsje fertelle. Lit de learlingen nei inoar lústerje en eventueel fragen stelle. Jou de learlingen dy't net Frysktalich binne it fertrouwen om dochs te besykjen yn it Frysk te fertellen.
8. Praat nei de útfiering oer de opdracht.  
Hoe is it gien? Under 'Utfiering' yn de Projektopdracht steane in oantal fragen dy't dêrby helpe kinne.
9. Lit de learlingen de selsevaluaasje ynfolje.  
De selsevaluaasjes binne te finen by 'Ekstra' yn dit projekt. Der is in Fryske en in Nederlânske ferzje fan de selsevaluaasje. De learlingen kinne kieze hokker ferzje oft se ynfolje.

### Differinsjaasje

- Foar learlingen dy't minder thús binne yn it Frysk kin it handich wêze om yn de klasse in oantal wurden dy't mei huzen te krijen hawwe, wat ekstra oandacht te jaan. Dat kin bygelyks troch wurdkaarten op te hingjen of in wurdweb te meitsjen.
- As de learlingen elk harren eigen advertinsje meitsje, kinne net-Frysktalige learlingen steund wurde troch heterogene groepkes te meitsjen op basis fan thústaal en taalnivo. Elke learling makket in eigen advertinsje, mar binnen it groepke kinne learlingen inoar helpe mei it skriuwen fan de Fryske tekst.
- De learlingen kinne inoars advertinsjes lêze. Lit learlingen dy't it Frysk lêzen noch dreech fine, tegearre lêze mei in goeie lêzer. Of kopiearje in oantal advertinsjes en lês dy mei-inoar. Praat oer wat de learlingen sjogge en lêze.



Stel hegere of legere easken oan it Frysk yn de advertinsje. Skriuwe de learlingen stekwurden op oer it hûs of meitsje se kompleksere sinnen?

- Om dit Projekt ekstra betsjutting te jaan, kin in makeler útnûge wurde om wat te fertellen oer syn of har berop.
- Wolle jim ek wurkje oan doelen op it mêd fan presintearjen yn it Frysk? Lit dan de learlingen in presintaasje taryede wêryn't sy wat fertelle oer de advertinsje dy't sy makke hawwe en it hûs dat sy dêryn te keap oanbiede.

### **Evaluaasje**

Nei de útfiering fan de projektopdracht kinne de learlingen in selsevaluaasje oer de opdracht ynfolje. De selsevaluaasje kin yn it Frysk en yn it Nederlânsk makke wurde. De selsevaluaasjes binne te finen ûnder 'Ekstra' yn dit projekt.

Stavering en skriuwen

## De letters ie

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letters ie hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

### Regels

De regels dy't by de ie hearre binne:

- By de ie hearst twa klanken: de y en de u.
- It brutsen ie-lûd klinkt as: ji. Nei de brekking skriuwst twa bylûden.

### Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De lettes oa'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

### Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

### Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

### Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

## Sichtber yn 'e klasse

### Wurdlist letter ie

stien	stiennen
trien	triennen
blier	blierren
kies	kiezzen
tried	triedden

### By it skriuwen fan teksten

#### De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriuw de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

#### Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatalen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website [www.frysker.nl](http://www.frysker.nl) hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

## Reis troch de romte

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen lêze teksten oer ús sinnestelsel en meitsje in skoatboek oer wat se fûn hawwe.

### Tiidpaad

50 – 70 minuten, eventueel ferdiel oer meardere lesmominten

### Doelen

Dizze lesdoelen binne keppele oan doelen út it referinsjeramt en wurde automatysk ôffinkt.

De learlingen lêze koarte teksten en helje dêr ynformaasje út oer it sinnestelsel, om te brûken foar harren skoatboek (Lêzen/A2/Kin de belangrykste ynformaasje begripe -'wêr giet it oer?'). De learlingen kinne koarte teksten skriuwe foar harren skoatboek (Skriuwen/A2/Kin in koart stikje skriuwe neffens in fêst stramyn).

### Tarieding

- Tink nei oer de twa- of trijetallen dêr't de learlingen yn gearwurkje sille. Om it oerlis yn it Frysk te stimulearjen, kin it helpe om de Frysktalige learlingen te ferdielen oer de groepkes.
- Gean foar de yntroduksje fan dizze taalaktiviteit op syk nei byldmateriaal oer de romte en it sinnestelsel. Tink ek oan it Fryske 'Wat ik altyd al witte woe'-boek 'Hoe is it yn de romte?' Dat is in flapkeboek en liket yn earste ynstânsje foar in jongere doelgroep bedoeld, mar it stiet grôtfol nijsgjirrige 'weetjes' dêr't de learlingen by dizze opdracht wat oan ha kinne.
- As de wurkfoarm 'skoatboek' (NL: schootboek, Ing: lapbook) net bekend is, lêe dan fan tefoaren it helpblêd 'Sa makkest in skoatboek' goed troch. Sykje op ynternet nei foarbylden fan skoatboeken. Sjoch bgl. nei dit filmke fan Briljant Onderwijs foar in koarte ynstruksje: <https://youtu.be/LDwgc7mZkmw>. Meitsje eventueel in (leech) foarbyld fan in skoatboek, om sjen te litten by de útlis fan de taalaktiviteit.
- Lêe de beskriuwing en 'differinsjaasje' by dizze taalaktiviteit en kies nivo \*, \*\* of \*\*\* foar de learlingen yn jim groep. De differinsjaasje sit yn de útwurking fan de opdracht en de easken dy't steld wurde oan it skoatboek. Binnen de groep kin op ferskillende nivo's wurke wurde. Besjoch alfêst de teksten en oare lesmaterialen by de taalaktiviteit en by 'ekstra' om te besjen watfoar materialen geskikt binne foar jim groep.
- Der kinne ek Nederlânsk- of oarstalige ynformaasjeboarnen brûkt wurde. It skoatboek is yn it Frysk.

## Beskriuwing

1. Yntroduksje fan it ûnderwerp.  
Praat mei de learlingen oer de romte. Wat witte se fan de romte: fan ús sinnestelsel, fan ferskillende planeten en fan romtereizen? Praat oer fragen lykas: Wat is der yn de romte? Watfoar planeten binne der? Wat is dêr noch mear? Hoe witte wy dat? Kinst dêr ek hinne? Wat dogge astronauten de hiele dei? Meitsje in wurdweb en brûk dêryn de Fryske wurden. Soargje dat it wurdweb sichtber bliuwt yn 'e klasse, sadat learlingen dêr altyd nei sjen kinne en eventueel wat oanfolje kinne. It wurdboek dat yn it menu rjochtsboppe te finen is, kin helpe by de Fryske wurden.
2. Utlis fan de aktiviteit.  
Fertel de learlingen dat sy in skoatboek meitsje sille oer de romte. As de wurkfoarm 'skoatboek' net bekend is, lis dan oan de learlingen út wat in skoatboek is. Fertel de learlingen dat se yn harren twa- of trijetal mei-inoar betinke sille wat sy yn it skoatboek diele wolle. Wêr giet it skoatboek oer? Oer de ferskillende planeten? Oer ien planeet? Oer romtemissys? Oer it berop fan astronaut? Mei-inoar moatte se dêrút komme.  
Fertel de learlingen dat se ynformaasje fine kinne yn de taheakke lesmaterialen (of in seleksje dêrfan). Watfoar teksten de learlingen lêze en hoefolle tekst de learlingen skriuwe is ôfhinklik fan it nivo wêrop't se wurkje. Fertel de learlingen wat der fan harren ferwachte wurdt: allinne wurden en koarte sinnen (nivo \*)? Of koarte of langere teksten (nivo \*\* en \*\*\*)?
3. It lêzen fan de teksten.  
Lit de keazen teksten lêze troch de learlingen. De learlingen kinne lêze mei harren twa- of trijetal. Der kin ek foar keazen wurde om klassikaal in tekst te lêzen. Lit de learlingen ûnder it lêzen al opfallende dingen oanstreekje of opskriuwe. Bygelyks wurden dy't se net goed begripe of ynformaasje dy't sy nijsgjirrich fine. Praat nei it lêzen oer de dingen dy't de learlingen opfallen binne.
4. De learlingen meitsje it skoatboek.  
De learlingen lizze yn harren twa- of trijetal oer oer wat der yn it skoatboek komt. Se skriuwe de (koartere of langere) teksten en jouwe dy in plak yn it skoatboek. Lit de learlingen ek oandacht besteege oan hoe't it skoatboek derútsjocht. Makket it de lêzer nijsgjirrich?
5. Besprek de opdracht nei.  
Lit de groepkes inoars skoatboeken besjen. Lykje de skoatboeken opinoar? Binne der skoatboeken mei itselde ûnderwerp? Binne dy itselde? Hoe kin dat? Watfoar bysûndere dingen foelen de learlingen op? Hoe wie it om ynformaasje út Fryske teksten yn it skoatboek te ferwurkjen? Slagge it mei it Frysk skriuwen?

## Differinsjaasje

Yn de beskriuwing binne trije nivo's oanjûn wêrop't wurke wurde kin yn dizze aktiviteit. Wat mear stjerkes it nivo, wat mear doelen oft oan wurke wurdt. De doelen fan nivo \* wurde automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. De ekstra doelen fan nivo \*\* en \*\*\* wurde net automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. Om ynsjoch te krijen yn de ûntwikkeling fan de yndividuele learlingen kinne de observaasjeinstruminten brûkt wurde. Sjoch it kopke 'Evaluaasje'.

- Nivo \*: De learlingen lêze in oantal ienfâldige teksten oer it sinnestelsel. Sy meitsje mei-inoar in plan foar harren skoatboek en skriuwe dêr koarte ynformative sinnen foar. Sy wurkje oan de doelen dy't boppe dizze taalaktiviteit steane.
- Nivo \*\*: De learlingen lêze teksten oer it sinnestelsel. Sy meitsje mei-inoar in plan foar harren skoatboek en skriuwe dêrfoar koarte ynformative teksten. Der wurdt dan ek wurke oan de doelen Lêzen/B1/Kin de belangrike punten begripe en Skriuwen/B1/Kin feitlike ynformaasje gearfetsje.
- Nivo \*\*\*: De learlingen meitsje in plan foar in skoatboek oer ús sinnestelsel. Sy geane dêrfoar op syk nei ynformaasje út meardere boarnen en sette dy eventueel oer yn it Frysk. As der op dit nivo wurke wurdt, dan wurdt der ferdjipjender wurke oan de doelen Skriuwen/Kin feitlike ynformaasje gearfetsje en Skriuwen/B2/Kin ynformaasje trochjaan.

Besjoch per twa- of trijetal op watfoar nivo oft se dizze opdracht dwaan kinne. As de learlingen mei-inoar lêze meie en mei-inoar oer de tekst prate meie, kin in wat dregere tekst dochs begrepen wurde.

Stimulearje de learlingen om yn it oerlis oer de opdracht Frysk mei-inoar te praten, om sa te wurkjen oan de 'yn petear'-doelen. Daagje Frysktalige learlingen út om harren taal fêst te hâlden, ek as sy gearwurkje mei learlingen dy't net Frysktalich binne. Op dy manier helpe sy net-Frysktalige learlingen by it harkjen en ferstean fan it Frysk.

Foar learlingen dêr't de praatdrompel noch te heech foar is, kin derfoar keazen wurde om net Frysk te praten yn it oerlis. Sy wurkje dan net oan doelen op it mêd fan yn petear gean, mar wol oan doelen op it mêd fan harkjen en ferstean fan it Frysk, troch it Frysk fan de oare learlingen.

De taalaktiviteit kin keppele wurde oan doelen foar kreative fakken. Stel dan bygelyks easken oan hoe't it skoatboek derútsjocht. Hoe geane de learlingen bygelyks om mei it kleurgebrûk? Hoe kinne ferskillende foarmen it skoatboek oantrekliker meitsje? Dan giet it net allinne mear om it finen fan ynformaasje yn de tekst, mar ek om de foarmjouwing fan it skoatboek.

Mei dizze taalaktiviteit kin ek oansluten wurde by oare fakken. Ferdjipje jim bygelyks yn de skiednis fan de romtefeart, lear oer de baan fan de ierde om de sinne en om syn eigen as, hâld in les oer wat nedich is om op in planeet libje te kinnen of doch in rekkenles mei de getallen dy't hearre by de ôfstannen en snelheden yn de romte.

### **Evaluasje**

De observaasjeinstruminten 'mûnling oerlis – yndividuele learling' en 'mûnling oerlis – de groep' kinne by stap 3 en 4 ynset wurde. De observaasjeinstruminten binne te finen by 'evaluaasjematerialen'.

Brûk de observaasje om de ûntjouwing fan de learlingen te folgjen en as feedback nei de learlingen ta. As guon items net yn te folgjen binne, lit dy dan leech.

## Projekten

# By pake en beppe op skoalle

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dit projekt geane de learlingen op syk nei ferhalen út de tiid fan pake en beppe. Se hâlde in ynterview oer de skoaltiid fan doe.

### Doelen

Oan ûndersteande doelen wurdt wurke yn dit projekt. Dy doelen wurde ek oanfinkt yn it referinsjeramt.

### Skriuwen

(op wei nei) A2 Fertelle - Kin biografyske feiten werjaan

(op wei nei) A2 Beskriuwe/ferklearje - Kin in koart stikje skriuwe neffens in fêst stramyn

(op wei nei) B1 Fertelle - Kin ûnderfiningen en yndrukken beskriuwe

(op wei nei) B1 Beskriuwe/ferklearje - Kin mieningen, gefoelens en reaksjes op foarfallen beskriuwe

(op wei nei) B1 Beskriuwe/ferklearje - Kin feitlike ynformaasje gearfetsje

(op wei nei) B2 Beskriuwe/ferklearje - Kin ferslaggen meitsje

(op wei nei) B2 Beskriuwe/ferklearje - Kin in begryplike gearfetting meitsje

### Yn petear

(op wei nei) A2 Beskriuwe/ferklearje/ynstruearje – Kin persoanlike ynformaasje freegje of jaan

(op wei nei) B1 Fertelle – Kin op gefoelens fan oaren reagearje

(op wei nei) B1 Beskriuwe/ferklearje/ynstruearje – Kin mear detaillearre ynformaasje achterhelje en trochdwaan

### Tarieding

- Klik troch de projektopdracht en de nivo-opdrachten om se te ferkennen.
- Tink nei oer hoe't de learlingen oan 'e slach geane. Kies foar yndividueel of yn groepkes fan twa of trije. As der keazen wurdt foar groepkes, ferdiel dan de klasse yn heterogene groepkes fan twa of trije learlingen op basis fan thústaal en taalnivo. By it meitsjen fan de groepkes kin ek rekken holden wurde mei learlingen sûnder pake of beppe (yn 'e buert) en learlingen dy't wol maklik mei harren pake of beppe yn petear gean kinne.
- By de start fan it projekt is it aardich om sels in ôfbylding fan of foarwerp út de skoalle fan eartiids mei te nimmen en dêr mei de learlingen oer te praten. It giet dan om de skoalle fan in jier of 60 werom. Yn de map 'Ekstra' by dit projekt binne in oantal ôfbyldingen fan de skoalle fan eartiids te finen. Yn de map 'Ekstra' is ek in link te finen nei it YouTube-kanaal fan it Frysk Film Argyf. Wa wit stiet dêr wol in âlde film op fan jim doarp of stêd!

- As de learlingen opnamen meitsje fan de ynterviews, soargje dan dat elkenien dy belústerje kin sûnder dat oaren dêr lêst fan hawwe. Dat kin bygelyks mei koptelefoans of mei wurkplakken yn ferskillende romten.
- Betink hoe't de learlingen harren ynterview presintearje. Is de presintaasje allinne in einpetear of wurde de ynterviews ek noch yn de klasse sjen litten/ophongen? Meitsje se de tekst digitaal en printsje se dat yn syn gehiel út? Of skriuwe se de tekst mei de hân en plakke se tekst en ôfbylding op in (kleurd) fel papier? Of in kombinaasje fan dy beiden?
- Is de presintaasje allinne foar de klasse? Of meie de pakes en beppes bygelyks ek komme te sjen? Hoe wurde de pakes en beppes (en evt. oare gasten) útnûge? Of hâlde jim jim presintaasje yn it âldereintehûs?

### Beskriuwing

1. Iepenje mei de learlingen de 'Utlis' fan dizze projektopdracht. Lês dy mei-inoar troch en praat mei de learlingen oer de skoalle fan eartiids. Wat witte se dêr al fan? Lit eventueel ek de meinommen ôfbylding fan de skoalle fan froeger sjen of oar meinommen materiaal.
2. Praat mei de learlingen oer de opdracht. Mei wa sille se de opdracht dwaan? Ha se al in idee oer wa't se freegje sille nei de skoalle fan eartiids? Praat dêr mei-inoar oer, dat kin helpe om learlingen op ideeën te bringen.
3. Wiis de learlingen op it ûnderdiel 'Tarieding' fan de projektopdracht. Dêr fine se tips foar it betinken fan ynterviewfragen en foar it hâlden fan it ynterview.
4. Fertel de learlingen hoe't harren einprodukt der aanst útsjen moat. It einprodukt bestiet út in ynterview op papier of yn in digitaal dokumint. De tekst dêrfan is yn it Frysk. It ynterview wurdt oanklaaid mei in plaatsje. Lit de bern dêr ek oer neitinke: watfoar plaatsje kinne se by it ynterview sette? In âlde foto fan pake of beppe? In foto fan de skoalle? Of noch wat oars? Fertel ek alfêst oer de presintaasje fan de ynterviews. Moat it ynterview útprinte wurde om ophongen te wurden? Of is de presintaasje in petear oer de ûnderfiningen? Wurdt de presintaasje holden foar de klasse of komt der mear publyk?
5. Meitsje ôfspraken oer de planning. Wannear moat it allegear klear wêze?
6. Begelied de learlingen as dat nedich is. Tink dêrby oan it tarieden fan it petear mei pake of beppe (fragen betinke), it neitinken oer in ôfbylding en it skriuwen fan it Fryske ynterview. Wiis de learlingen op it wurdboek rjochtsboppe yn byld dat brûkt wurde kin by drege wurden.
7. Lit de learlingen de nivo-opdrachten by it projekt meitsje. De nivo-opdrachten binne ferdjipjende (taal)opdrachten by it projekt. Learlingen binne oan 'e slach mei wurdskat oefeningen, teksten en filmkes dy't ynhâldlik passe by dit projekt. Giele opdrachten binne foar de bern dy't minder thús binne yn it Frysk en blauwe opdrachten binne geskikt foar bern dy't better thús binne yn it Frysk. Giele en blauwe opdrachten binne basearre op itselde boarnemateriaal (tekst, wurden, filmke) en sadwaande kin de eventuele ynstruksje tagelyk dien wurde.
8. Fier de projektopdracht út. Wurfje it ynterview út. Help de learlingen eventueel mei it formulearjen fan de antwurden fan pake en beppe út harren oantekeningen of opnamen. Meitsje de ynterviews klear om te presintearjen. Under 'Utfiering' yn de projektopdracht steane de oandachtspunten nochris byelkoar. Presintearje de ynterviews eventueel ek oan publyk.



9. Praat nei de útfiering oer de opdracht. Hoe is it gien? Under 'Utfiering' yn de projektopdracht steane in oantal fragen dy't dêrby helpe kinne.
10. Lit de learlingen de selsevaluaasje ynfolje. De selsevaluaasjes binne te finen by 'Ekstra' yn dit projekt.

### Differinsjaasje

- De opdracht is it hâlden en útwurkjen fan in Frysk ynterview. Yn de heterogene groepkes sille de net-Frysktalige learlingen steun hawwe oan de Frysktalige learlingen op it mêd fan de Fryske wurdskat. De taligere learlingen kinne de learlingen mei minder taalgefoel stypje by it meitsjen fan goed rinnende sinnen yn it ynterview.
- As it lestich is om sels goede fragen te betinken foar it ynterview, dan kin it handich wêze om de 'Helpkaart – Ynterviewe' mei de learlingen troch te nimmen. Dy helpkaart kin troch de learlingen ek altyd selsstannich brûkt wurde en is te finen ûnder 'Ekstra' by dit projekt.
- Stel hegere of legere easken oan de formulearring fan de antwurden op de ynterviewfragen. De skreaune sinnen kinne kompleks (gearstalde sinnen, sinnen dy't in sfear oanjouwe) of ienfâldiger wêze. Dat kinst ôfhingje litte fan it taalnivo en it nivo fan it Frysk yn de groepkes.
- Moedigje de learlingen oan om harren fragen oan pake of beppe yn it Frysk te stellen en mei-inoar yn it Frysk oer te lizzen oer de opdracht. Frysktalige learlingen kinne learlingen dy't net-Frysktalich binne, sa op in natuerlike wize helpe mei it ferstean en praten fan it Frysk.
- Foar learlingen en/of pakes en beppes dy't it Frysk net machtich binne (of it bygelyks dreech fine om persoanlike herinneringen te dielen yn it Frysk of flugge oantekeningen te meitsjen yn it Frysk), kin it Nederlânsk (of in oare taal) helpe by it hâlden fan it ynterview. De útwurking fan it ynterview is wol yn it Frysk.
- De learlingen wurkje oan de skriuwoelen yn it rrF. As der binnen it profyl fan jim skoalle noch gjin easken oan skriuwoelen steld wurde, dan kin derfoar keazen wurde om de teksten yn it Nederlânsk te skriuwen. Yn dat gefal wurkje de learlingen net oan de Fryske skriuwoelen dy't yn dizze les beskreaun wurde en sille dy doelen dus ek net behelle wurde kinne. Wol binne de learlingen dan dwaande mei doelen op it mêd fan skiednis en kultuer. Jim kinne der fansels ek foar kieze om oan jim ambysjes te wurkjen en de learlingen út te daagjen om de teksten yn it Frysk te skriuwen as dat kin.

### Evaluaasje

Nei de útfiering fan de projektopdracht kinne de learlingen in selsevaluaasje oer de opdracht ynfolje. De selsevaluaasje is te finen by 'Ekstra' yn dit projekt.

It observaasjeinstrumint 'Ynterview' kin brûkt wurde om ûnôfhinklik de taalûntwikkeling op it mêd fan it hâlden fan in ynterview yn kaart te bringen. Dat observaasjeinstrumint is allinne geskikt as it hâlden fan it ynterview op dat momint observearre wurdt. Foar it observearjen fan it taalgebrûk yn de skreaune tekst is it observaasjeinstrumint 'Skriftlik ferslach' better geskikt. De observaasjeinstruminten binne te finen yn de map 'Ekstra' by dit projekt.

Stavering en skriuwen

## De letters ea

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letters ea hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

### Regels

De regels dy't by de ie hearre binne:

- By de ie hearst twa klanken: de y en de u.
- It brutsen ie-lûd klinkt as: ji. Nei de brekking skriuwst twa bylûden.

### Tarieding

- Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne.
- Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De letters ea'.
- Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

### Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

### Differinsjaasje

- As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

### Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet.

Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.

## Sichtber yn 'e klasse

### Wurdlist letter ea

beam	beammen
tean	teannen
dream	hearre
keal	sleatten
pleats	fearren

### By it skriuwen fan teksten

#### De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriuw de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

#### Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatalen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website [www.frysker.nl](http://www.frysker.nl) hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.

## Us skoalreiske

Hantlieding foar de learkrêft

De learlingen skriuwe in programma foar harren skoalreiske.

### Tiidpaad

len lange aktiviteit fan 60 minuten of twa kear 30 minuten. De presintaasjes kinne op oare mominten yn de wike dien wurde.

### Doelen

Dizze lesdoelen binne keppele oan doelen út it referinsjeramnt en wurde automatysk ôffinkt.

- De learlingen kinne in kar meitsje foar in skoalreiske dat harren oansprekt (Yn Petear/A2/Kin in plan of idee foarlizze en beprate en ôfspraken meitsje).
- Se skriuwe (yn twatallen of groepkes) in deiprogramma (Skriuwen/A2/Kin in koart stikje skriuwe neffens in fêst stramyn).
- Se presintearje harren programma oan de klasse (Sprekken/A2/Kin yn it koart beskriuwe hoe't hy/sy wat dwaan of meitsje moat of hoe't wat wurket).

Oare doelen dêr't mei dizze taalaktiviteit ek oan wurke wurde kin, binne neamd by 'Differinsjaasje'.

### Tarieding

- Set it foarbyld klear (sjoch 'De taalaktiviteit').
- Meitsje geskikte twatallen of groepkes op basis fan thústaal of taalnivo.
- Lês de beskriuwing en de 'Differinsjaasje' by dizze taalaktiviteit en kies nivo \*, \*\* of \*\*\* foar de learlingen yn jim groep.

### Beskriuwing

1. In protte bern fine it skoalreiske ien fan de leukste dingen yn it skoaljier. Wat makket in skoalreiske sa leuk?  
Lit de bern reagearje.
2. Fertel de bern dat se sels in skoalreiske útsykje meie en dêr yn it Frysk in programma foar meitsje sille. Lit it foarbyld op it boerd sjen.  
Steun stil by drege wurden, by de oersichtlikens fan it dokumint, by de reistiid en by de ôfwikseling yn it programma.
3. Diel de groepkes of twatallen yn en lit se meielkoar oerlizze wat in geskikt skoalreiske wêze kin.  
De learlingen kinne op ynternet sykje nei ynformaasje, mar miskien binne der op skoalle

ek wol ynformaasjefolders. By it meitsjen fan in kar kinne dizze fragen helpe:

Wat is dêr allegear te dwaan of te sjen?

Wêrom is dat sa leuk?

Wat is de reistiid?

4. De learlingen betinke it programma.

Lit de learlingen earst in kladferzje meitsje. De learlingen moatte hjir rekken mei hâlde: Hoe let elkenien op skoalle wêze?

Wat is de reistiid? En hoe let binne jim dan op de bestimming?

Wat sille jim dêr dwaan? Is der in programma om te folgjen of mei elkenien frij omrinne?

Wannear komme jim byinoar? Bygelyks om te iten of om in foarstelling te besjen.

Hoe let binne jim wer op skoalle?

As der op nivo \*\* of \*\*\* wurke wurdt, dan ek noch:

Wat moat elkenien meinimme? Is der ekstra ynformaasje te jaan oer de bestimming?

As der op nivo \*\*\* wurke wurdt, dan sykje de learlingen ek noch in edukatyf útstapke út (sa as in besite oan in museum of in ekskurzje op it waad) en ferwurkje dat yn harren programma.

5. De learlingen meitsje de programma's yn in geskikte lay-out.

Yn it deiprogramma moat alles dúdlik omskreaun wurde, mar it mei der ek moai útsjen.

Wiis de bern op it gebrûk fan in wurdboek foar lestige Fryske wurden (bgl. [www.frysker.nl](http://www.frysker.nl)).

6. Alle groepkes presintearje harren deiprogramma.

De learlingen litte it programma sjen, fertelle deroer en lizze út wêrom't se it sa betocht hawwe. De oare learlingen meie nei de presintaasje ek fragen stelle.

7. Besprek de opdracht nei.

Geskikte fragen dêrby binne: Koene jim it yn jim groepke iens wurde oer de bestimming

fan it skoalreiske? As dat lestich wie: hoe ha jim dat oplost? Hoe wie it om nei te

tinken oer it programma? Kamen jim dêr maklik út? Paste alles wat jim woenen yn it

programma? Ha jim oerlein yn it Frysk? Hoe gie dat? Koene jim de Fryske wurden fine foar

it programma? Wiene der bysûndere programma's by? Wiene der deiprogramma's by dy't

in soad opinoar liken?

### Differinsjaasje

Yn de beskriuwing wurdt de mooglikheid jûn om op trije nivo's mei dizze opdracht dwaande te wêzen. De doelen op nivo \* wurde automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt. Suggestjes foar oanbod op nivo \*\* en \*\*\* binne opsjoneel en wurde dêrom net automatysk ôffinkt yn it referinsjeramt.

- Nivo \*: De learlingen meitsje in kar foar in skoalreiske fan ien dei en skriuwe dêrfoar in deiprogramma. Harren plannen presintearje se oan de klasse.
- Nivo \*\*: De learlingen meitsje in kar foar in skoalreiske fan ien of meardere dagen en skriuwe dêrfoar in programma mei mear ynformaasje, lykas ynformaasje oer de bestimming en wat de learlingen meinimme moatte. Harren plannen presintearje se oan de klasse. Dan wurdt der ek wurke oan Skriuwen/B1/Kin feitlike ynformaasje gearfetsje.

- Nivo \*\*\*: De learlingen meitsje in kar foar in skoalreiske foar meardere dagen en skriuwe dêrfoar in programma. De learlingen sykje ek in geskikt edukatyf útstapke út dat ferwurke wurdt yn it programma. Harren plannen presintearje se mei mear detail oan de klasse. Dan wurdt der wurke oan Skriuwen/B1/Kin feitlike ynformaasje gearfetsje en Sprekken/B1/Kin details taljochtsje, saken útlizze en taljochtsje.

Binnen in groep kinne der grutte ferskillen wêze. Yn de klasse kin ek per groepke differinsjearre wurde troch guon learlingen of groepkes op nivo \* wurkje te litten en oare learlingen of groepkes op nivo \*\* en \*\*\*.

Stimulearje de learlingen om yn it oerlis oer de opdracht Frysk mei-inoar te praten, om sa te wurkjen oan de 'yn petear'-doelen. Daagje Frysktalige learlingen út om harren taal fêst te hâlden, ek as sy gearwurkje mei learlingen dy't net Frysktalich binne. Op dy manier helpe sy net-Frysktalige learlingen by it harkjen en ferstean fan it Frysk.

Foar learlingen dêr't de praatdrompel noch te heech foar is, kin derfoar keazen wurde om net Frysk te praten yn it oerlis. Sy wurkje dan net oan doelen op it mêd fan yn petear gear, mar wol oan doelen op it mêd fan harkjen en ferstean fan it Frysk, troch it Frysk fan de oare learlingen.

### **Evaluasje**

It observaasjeinstrumint 'mûnling oerlis' kin by stap 3 en 4 ynset wurde. Meitsje in kar om learlingen yndividueel te observearjen of as groepke (brûk dan it ynstrumint foar it observearjen fan de groep).

Brûk it observaasjeinstrumint 'skriftlike ynstruksje' nei stap 5.

It ynstrumint 'presintaasje' kin ynset wurde by stap 6.

De observaasjeinstruminten binne te finen by 'evaluaasjematerialen'.

Brûk de observaasjes om de ûntjouwning fan de learlingen te folgjen en as feedback nei de learlingen ta. As guon items net yn te folgjen binne, lit dy dan leech.

## Frisia Lêsbegryptoets B1.1

Hantlieding foar de learkrêft

Mei de Lêsbegryptoetsen krigest grip op de Fryske wurdskat en grammatika. Brûk de toetsen om in yndruk te krijen fan it ynstapnivo én de fuortgong fan de learlingen. Dat kin helpe om it Fryske les oanbod op de learling(en) ôf te stimmen.

### Foar wa?

- De Lêsbegryptoets B1.1. is geskikt foar groep 7 yn it basisûnderwiis.

### Organisaasje

Nim de B1.1 Eintoets foar groep 7 ôf oan de ein fan it skoaljier. De toets tsjinnet as einmjitting om de fuortgong fan de learlingen yn kaart te bringen en is kwa dregens ferlykber mei de Starttoets.

De toets duorret 30 minuten en bestiet út twa teksten mei yn totaal sa'n 20 fragen.

### Evaluasje

In skoare tusken de 58% en 78% jout oan dat in learling it nivo fan de toets behearsket.

### Referinsjenivo's

< **A1** betsjut dat in learling ûnder it A1-nivo sit.

**A1.1** (= A1) betsjut dat in learling yn alle gefallen in pear losse dingen fan it Frysk ken, lykas telwurden, groeten, de dagen fan de wike en sa fierder.

**A1.2** betsjut dat in learling ûnderweis is nei A2.1.

**A2.1** (= A2) betsjut dat in learling koarte teksten oer maklike ûnderwerpen mei frekwinte wurden út de sprektaal begrypt.

**A2.2** betsjut dat in learling ûnderweis is nei B1.1.

**B1.1** (= B1) betsjut dat in learling langere teksten mei faak foarkommende wurden út de skriuwtaal begrypt.

**B1.2** betsjut dat in learling hiel maklik dregere teksten oer skoalleûnderwerpen fan meardere bledsiden begrypt.

**B1+** betsjut dat in learling flot lange en dregere teksten oer alderhanne ûnderwerpen begrypt.

De Frisia Basistoets is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik op 'GRIP' yn it linker menu en kies dan foar Frisiatoetsen - Frisia Basistoets. Klik op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe om de toets klear te setten foar de learlingen.

Stavering en skriuwen

## De letters oai

Hantlieding foar de learkrêft

Yn dizze les leare de learlingen de staveringsregels dy't by de letters oai hearre. Se oefenje mei staveringsopdrachten en skriuwe in koarte tekst.

### Regels

De regels dy't by de oa hearre binne:

- Nederlânske wurden mei ooi skriuwe wy yn it Frysk mei oai.

### Tarieding

Soargje derfoar dat de apparatuer klear stiet dêr't de learlingen de les op meitsje kinne. Nim de les sels fan te foaren troch. De les is te finen by de learmiddelen yn Spoar 8. Klik by Meunstertún op 'Oefenmateriaal Stavering' en kies 'De letters oai'. Plan de les yn foar de learlingen troch op de knop 'Ynplanne' rjochtsboppe te klikken.

### Beskriuwing

1. Yntrodusearje de regel. Dat kin troch klassikaal it begjin fan de les op it digiboerd te besjen.
2. De learlingen geane selsstanning oan de slach mei de opdrachten.
3. As de opdrachten klear binne, kinne de learlingen oan 'e slach mei de edukative game 'Meunstertún' oer wurdskat, stavering en grammatika.

### Differinsjaasje

As it dreech is om selstannich oan it wurk te gean mei de opdrachten, kinne de opdrachten ek yn in twatal makke wurde of lit learlingen dy't mear ynstruksje nedich hawwe mei-inoar by de ynstruksjetafel sitte.

### Let op!

It learen fan de stavering stiet yn tsjinst fan it skriuwen fan teksten. De staveringslessen hawwe ta doel dat learlingen harren better fertroud fiele mei it skriuwen fan Fryske teksten en dat de kwaliteit fan dy eigenskreaune Fryske teksten omheech giet. Ferbyn staveringslessen sa folle mooglik oan teksten. Lit de learlingen geregeld sels teksten sels skriuwe en keppelje dêroan it oefenmateriaal foar de stavering. Wiis learlingen by it skriuwen en neisjen fan de tekst nochris op de staveringsregels dêr't sy mei oefene hawwe.



## Sichtber yn 'e klasse

### Wurdlist letter oai

rotsoai	ploai
moai	toernoai
goaie	koai
proai	apekoai
foai	konfoai

### By it skriuwen fan teksten

#### De skriuwopdracht

Dizze opdracht kin hielendal los oanbean wurde fan boppesteande staveringsles.

- Kies in kreative opdracht en fertel de learlingen dat sy yn it Frysk skriuwe sille. As learlingen harren net fertroud fiele ('ik kin net Frysk skriuwe') wiis harren der dan op dat it giet om it kreative proses en de ynhâld fan de tekst en yn earste ynstânsje net om de korrekte stavering. Sjoch 'Differinsjaasje' foar mear mooglikheden.
- Lit de learlingen earst in breinstoarm dwaan. Wêr tinke se oan by it ûnderwerp en de opdracht? Wat wolle se brûke yn harren ferhaal? Lit se in kladferzje meitsje fan harren tekst.
- As de learlingen tefreden binne oer de earste ferzje fan de tekst, kinne sy nei de stavering sjen. Wat hawwe sy oefene yn de staveringsles? Is dat yn de tekst ek goed gien? Lit se der eventueel mei syn twaën nei sjen. Ferbetterje de flaters en skriuw de lêste ferzje fan de tekst.
- De teksten binne klear! Suggestjes: Lit de learlingen de tekst oan elkoar foarlêze, meitsje fan de teksten in boekje, bewarje de teksten yn in ferhaleskrift, publisearje de teksten yn de skoalkrante of yn in nijsbrief nei âlders of hingje de teksten op yn 'e klasse. Dit is fansels ek ôfhinklik fan de soarte tekst dy't skreaun is.

#### Differinsjaasje

As it skriuwen yn it Frysk dreech is, lit de learlingen dan yn twatalen wurkje. Frysktalige learlingen kinne net-Frysktalige learlingen helpe mei de Fryske wurdskat, talige learlingen kinne minder talige learlingen helpe mei it linich omgean mei wurden en sinnen en kreative learlingen kinne minder kreative learlingen helpe mei ideeën en foarmen.

As net alle learlingen harren fertroud fiele mei it skriuwen yn it Frysk, kinne (guon) learlingen de skriuwopdracht ek yn harren eigen taal dwaan (Nederlânsk of in oare taal). Lit de learlingen dy't it ferhaal net yn it Frysk skreaun hawwe de tekst oersetten mei help fan ynternet. De website [www.frysker.nl](http://www.frysker.nl) hat de mooglikheid om teksten oer te setten fan it Nederlânsk yn it Frysk. Lit de learlingen de Fryske ferzje opskriuwe of útprintsje. Lit se yn de Fryske tekst op syk gean nei wurden dy't passe by de staveringsregel dêr't sy mei oefene hawwe.